

Dorpscanon van Folsgeare

Minne Minnema



Foto: argyf Wybren Sweering

Minne mei soantsje Klaas foar "de Tempel" oan de Tsjaerddyk, begjin jierren '30

Minne Minnema

Goed hûndert jier lyn sit Minne Minnema jûns by kearsljocht te skriuwen. Hy hat krekt in rekken foar Meinte Ruurds Abma, boer op Carpe Diem, útskreaun foar it leverjen fan sekken mail en lynmoal.

Folsgeare den 21 septembar 1921

Folsgeare den 21 septembar 1921

Nota

voor De Heer M. Abma.

van M. Minnema.

regel 10

21 sept	1 sak mair	6 40
22 sept	10 sak mair	62 —
	5 sak lijnmeel	52 50
13 Okt	1 sak lijnmeel	9 80

Dorpscanon van Folsgeare

Minne Minnema

Nota

voor De Heer M. Abma

van M. Minnema

Minne Jelles Minnema wurdt berne op 29 july 1889 en Aaltje Sybrens Sybranda hast in jier letter op 15 july 1890. Minne Jelles syn heit Jelle Minnema is troud mei Trijntje Hoekstra. De heit fan Aaltje Sybrens, Sybren Sybranda, is troud mei Sjoerdje Stastra. Beide troude pearren wenje yn Skearnegoutum, dêr't beide heiten arbeider binne.

Minne is noch mar tsien jier âld, as syn heit ferstjert. Minne moat dêrom al ier mei helpe om de kost te fertsjinjen en hy wurdt boerefeint yn Jutryp. Aaltje har heit is frachtrider wurden. Hy hat foar har in plakje fûn yn Dearsum, dêr't se as boerefaam oan de slach giet.

Minne wurdt goedkard foar de militaire tsjinst en giet op 23 desimber 1908 yn tsjinst. Op 9 oktober 1909 wurdt hy ôfkard as gefolch fan 'artikel 101 der Militiewet 1901'.

Minne en Aaltje hâlde kontakt en as se genôch sparre ha, trouwe se op 15 maaie 1915 yn de gemeente Wymbritseradiel.

Waarvan akte, welke overeenkomstig de wet is voorgelezen. _____

M. Minnema.
A. Sybranda. *G. J. J. J. J.*

It jonge pear komt op 15 maaie 1915 yn Folsgeare te wenjen, dêr't Minne arbeider wurdt. Ein novimber 1916 keapet Minne, tegearre mei twa oaren, fjouwer hûzen mei hiem yn Twellegea dy't se ferhiere sille. Op 21 jannewaris 1917 wurdt yn Folsgeare soan Jelle berne. Op 14 maaie 1917 ferhuzet de húshâlding nei Twellegea, dêr't op 6 oktober 1918 Sybren berne wurdt. Fanút Twellegea ferhúze se op 12 maaie 1919 mei harren twa bern nei Wiuwert, dêr't Minne wer as arbeider oan de slach giet.

Dorpscanon van Folsgeare

Minne Minnema

Volgnummer.	Dag- teekening en jaar der inschrij- ving.	FAMILIENAAM. (Familiennaam der vrouw.)	VOORNAMEN. (Voorn. geschreven.)	M. (Mannelijk) V. (Vrouwelijk) Geslacht.	Betrekking van elken persoon tot het hoofd van het huishouden. (Betrokking tot het hoofd afzonderlijk invullen)	Dag- teekening en jaar der geboorte.	Geboorteplaats. (Met aanwijzing der provincie voor inboorlingen, van het land voor vreemdelingen.)	Burg- H. (ge- W. (w- S. (ge- Tijds- de inschrij- ving.
1.	2.	3.	4.	5.	6.	7.	8.	9.
1		Minnema	Minne	M	Hoofd	29 Juli 1883	Scharnegastum	76
2		Sijbranda	Aaltje	V	Wrouw	18 Juli 1890	da	76
3		Minnema	Jelle	M	Zoon	21 Jan. 1917	Folsgeare	
4		Minnema	Sijbren	M	Zoon	6 Oct. 1918	Witnellingsgong	

Fia syn kontakten yn Folsgeare heart Minne dat Oebele en Antje Woudstra mei de winkel oan de Tsjaerddyk (nûmer 38) ophâlde wolle. Hja binne op leeftyd en ha gjin opfolgers. Minne en Aaltje nimme de saak oer fan Oebele en Antje, dy't dêrnei nei Boalsert ferhúzje. Op 14 maaie 1921 komme Minne en Aaltje mei harren twa bern werom yn Folsgeare, dê't Minne neist de winkel in foeraazjehannel, brânstoffen- en jirpelhannel en in frachttsjinst begjint. Op 22 maart 1923 wurdt harren dochter Trijntje berne (dy't har letter Tine neame sil)

Yn in lege wenning oan de efterkant fan “de Tempel”, tsjin de winkel oer, slacht Minne syn guod op. Dizze wenning is te berikken fia in steechje tusken it hûs mei de linebeammen en “de Tempel”. Op de hoeke oan de foarkant wennet Wybren Sweering syn beppe Trijntje Breeuwsma (linkerkant fan de dyk).



De Tsjaerddyk om 1925 hinne, mei de hânkarre foar de winkel fan Minne Minnema, Folsgeare noch sûnder elektrisiteit.

foto útjouwerij van der Meulen bv, Snits

Dorpscanon van Folsgeare

Minne Minnema

De measte hannel giet oer it wetter. Hjirfoar hat Minne in izeren skou kocht, dêr't hy it guod mei út de stêd hellet en dat besorget by syn klanten. Oan de foarkant fan de wenning/winkel leit de Tsjaerddyk en achter is de Tsjaerddyksterfeart, dat sadwaande is it befoarriedzjen oer it wetter net in swierrichheid.

It farren mei de skou nei Snits om foarrie te heljen, giet eins altyd sûnder swierrichheden, oant Minne op 25 novimber 1925 werom farre moat yn in noardwesterstoarm. As hy de Ald Rien opfart giet it noch, mar krekt foarby Strûpenkeal op de Poel giet it mis en strûpt de skou mei it guod ûnder wetter. Minne kin feilich de wâl berikke. It ferlies fan it guod en it bergjen fan de skou is in kostbere saak. Minne sjocht dat de hannel oer it wetter in ôfrinnende saak is en dat it ferfier oer de dyk de takomst hat. Mei de ramp op de Ald Rien yn syn achterholle, nimt hy it beslút om de skou te keap te setten en him te rjochtsjen op it ferfier oer de dyk.

TE KOOP gevraagd, met naasten prijs,
een soliede
FOURAGEWAGEN,
draagvermogen 2500 à 2600 pond.
Tevens TE KOOP een soliede
IJZEREN SCHOUW,
draagvermogen 1600 K.G., met toebe-
hooren.
Te bevragen bij M. MINNEMA, Fols-
gare.

LC 10 augustus 1927

Yn jannewaris 1928 wurdt soan Klaas berne.

** Heden werden wij verblijd met de
geboorte van een welgeschapen zoon
K L A A S.
M. MINNEMA,
A MINNEMA—SIJBRANDA.
Folsgare, 15 Januari 1928.

L.C. 18-01-1928

Minne hat de skou ferkocht en der is in wein kommen foar it ferfier fan syn hannel. Op de sydkant stiet:

Minnema,
Veevervoer
Goederen vervoer,
Folsgare.

Dorpscanon van Folsgeare

Minne Minnema



foto argyf Wybren
Sweering

Yn 1928 meitsje Minne en syn frou Aaltje mei oare doarpsbewenners in útstapke.

Op de foto steane:

Boppeste rige: Sjauffeur, Fedde de Jong, Jan Twijnstra

Twadde rige : Jitze Zietsma , Jelle Abma, Meinte Abma, Andries Wiersma, **Minne Minnema**

Tredde rige : frou Zietsma, frou de Jong, **Aaltje Minnema**, frou Abma-Boschma, frou Abma-Bauma, frou Wiersma

Foar: frou Twijnstra, Baent Douma en syn frou.

De hannel giet min troch de krisis en yn juny 1934 is Minne twongen om in liening fan tûzen gûne ôf te sluten by Johannes van der Werf, boekhâlder út Snits. ûnderpân is it winkelhûs mei pakhûs en hiem yn Folsgeare, bekend by de kadastrale gemeente Nieuwland seksje D no 488 en 394, tegearre ien are en tolve sintiare grut.

De saken geane noch altiten min en der komt mear yn de ferkeap.

Hepkema's courant 13-08-1937

Te koop een zoo goed als
nieuwe
Vee- en Vrachtwagen
en een meelwagentje of
melkwagentje. Te bevragen
bij F. MINNEMA, Folsgeare.
Niet op Zondag.

Dorpscanon van Folsgeare

Minne Minnema



LC 14-05-1940

Aldste soan Jelle Minnes is út Fryslân fuort gien en wennet yn Heemstede.

De heer J. Minnema, onderwijzer te Heemstede, afkomstig van Folsgeare, slaagde dezer dagen voor de hoofdacte te Haarlem.

LC 23-07 1940

De middenstân hat it dreech en Minne en Aaltje beslute om de saak te ferkeapjen.

WOON- en WINKELHUIS te Folsgeare.

Notaris H. A. BANNING te Sneek zal op **Dinsdag 18 November 1941**, des namiddags 1 uur, in café Hanenburg te Sneek, finaal publiek verkoopen:

Het goed onderhouden **WOON- en WINKELHUIS** met **PAKHUIS** (w.i. paardenstal), **steeg**, **SCHUUR** en erf, in de Buren en aan de Tjaardijkstervaart te **Folsgeare**, plaatselijk gemerkt nummer 20, groot 1.12 Are. In eigen gebruik bij den heer M. Minnema.

Het pand, voorzien van waterleiding en electr. geleidingen, waarin sinds jaren het kruideniersbedrijf, een fouragehandel, brandstoffen- en aardappelhandel annex vrachtdienst wordt uitgeoefend, is daartoe en voor andere doeleinden geschikt.

Bod f 1957.

Aanvaarding 1 December 1941.

Betaling 15 December 1941.

Lasten van 1 Januari 1942 af voor koopers rekening.

Bezichtiging op den verkoopdag van des voorm. 10—12 uur.

Biljetten verkrijgbaar.

LC 12-11-1941

Dorpscanon van Folsgeare

Minne Minnema

It pân wurdt yn 1941 yn de advertinsje oanrikkemandearre mei wetterlieding en elektrysk. Doe't Minne en Aaltje yn 1921 yn Folsgeare kamen te wenjen, sieten hja jûns noch by kearsljocht. Wetter hellen se efter yn'e reinwetterput en de wask waard noch op it stalt oan de Tsjaerddyksterfeart dien. Om 1927 hinne is der elektrisiteit oanlein en begjin jierren '30 krije se wetterlieding.

Minne ferkeapet it pân oan de Folsgeasters Pier Cnossen en Fogeltje Posthuma. Minne en Aaltje ferhúze op 1 desimber 1941 nei Snits, dêr't Minne ferstjerret op 7 april 1960 en Aaltje op 1 desimber 1970.

Colofon

Tekst: Atse Bruin

Bewurking en oersetting: Wytske Heida

Foto's: argyf Wybren Sweering, útjouwerij van der Meulen bv Snits

Kranteartikels: LC, Hepkema's courant

Disclaimer: Foar alle foto's jildt, dat der soarchfâldich útsocht is wa't de eigner is en is tastimming frege en krigen foar it brûken yn dit finster. Finsters oer persoanen binne pleatst nei weromkeppeling mei belutsenen. Mocht der nettsjinsteande eat net korrekt wêze, graach de redaksje ynformearje.